

SNEINSBRIEF MARTINITSJERKE

Protestantse Gemeente te Easterein

www.kerkeasterein.nl

www.kerkomroep.nl



Easterein 16 januari 2022

11^e jaargang nr 37

Organist: Balt R. de Vries
Koster: André C. Vink
Lector: Durkje van der Eems
Sneinsbern: -



DIENSTEN IN DE ADVENTSTIJD:

16 jan. Online- Fryske tsjinst
09:30 pst Corry Tigchelaar

23 jan. Online-dienst
09:30 ds. Inge de Rouwe

30 jan. Eredienst
09:30 ds. Nicolette Vlaming

BLOEMENGROET: De blommen geane mei in hertlike groet nei;. Mw Geartsje Haitsma, Wynserdyk 45

Collecte:
1^e Ondersteuning Gemeenten
2^e Reinboge/drukwerk

U kunt uw gift ook overmaken op bankrekening NL71 RABO 0349 50 66 55 t.n.v. Diaconie Easterein o.v.v. het collectedoel of de datum van de kerkdienst.

Orde van dienst zondag 16 januari 2022

Oargelmuzyk

Wolkom en meidielingen, oanstekken kearsen

Momint fan stilte

sjonge yntochtsliet 96: 1 en 6

1 Sjong foar de Hear op nije wize,
ja, rûnom moat it lofliet rize!
Wol dei oan dei oer hiel de wrâld
syn wûndere geunst dy't ús behâldt
mei djip ûntsach yn sangen priizgje.

6 Sa sil it keninkryk begjinne;
de rjochter komt, de trou sil 't winne.
De Hear besljochtet sels it pleit
foar frede en gerjochtichheid
en nimmen sil syn rjocht ûntrinne.

Bemoediging en groet

sjonge liet 275: 1, 3 en 4

1 O Hear, ús Hear, hoe nei is jo namme,
net út te sprekken sa tichtby.
Jo binne altyd mei ús dwaande,
ûnder jo wjukken rêste wy.

3 Jo binn' foar minske-eagen ûnsichtber,
gjinien hat oait jo antlit sjoen.
Dochs leauwe wy dat nimmen tichter
as Jo him oan ús lot ferbûn.

4 Jo binne djip yn alles ferburgen,
yn al wat is en him ûntjout.
Mar minsken binn' Jo thús by wurden,
mei hert en siele oan ús troude.

Kyrie gebed

sjonge liet 281 : 1 en 5

1 wy komme foar jo antlit gear
Hâldt Jo it each op ús, o Hear;
Kyrie eleison!

5 Dat elk dy' t ta jo wei him keart
dêryn genede kennen leart;
Kyrie eleison!

gebed

sjonge lofliet 281: 8, 9 en 10

8 Hy giet ús foar en wêr't Hy giet
sjongt al wat is in freugdeliet.
Amen. Halleluja!

9 It liet fan wa't de rêst al fûn
hat ús ta sjongen oantrún jûn:
Amen. Halleluja!

10 Set Jo ús herten yn 'e brân!
Fertreaste gean wy oan jo hân. Amen. Halleluja!

Oandacht foar de bern

Bibellêzing Exodus 33: 12-23

sjonge liet 607: 1

Jo binne fierder gien, - in stekflam yn 'e nacht.

It fjoer fan jo bestean - hâldt yn ús hert de wacht.

Jo wurd, jo goed berjocht - is oer de wrâld ferwaaid.

Wy libje yn Jo troch, - wy binn' mei Jo omklaaid.

Evangeelje Jehannes 2: 1-11

sjonge liet 792; 4

4 Dat yn ús, klear as sinneskyn, jo byltnis is te sjen!

Jo skinke dêr de bêste wyn

dêr't de_ien by de_oare seine fynt, jo leafde fiele kin.

Utlis en ferkundiging

Oargelmuzyk

Sjonge liet 607: 3

3 Jo binne fierder gien, - in antlit is ús bleaun

in stik fan ús bestean, - in spoar fan ljocht, in freon.

Jo ljocht sit my yn 't bloed, - myn lichem is jo dei,

Jo binn' myn hoop foargoed - salang't ik libje mei.

Tank gebed, stil gebed, "God fan fier en hein ús Heit"

God fan fier en hein ús Heit,
dat wy hilligje jo namme
ûnder ús sa faak ûntwijd
troch jo eigen bern beskamme

Jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou wat wy misdiene,
sa't ek wy ferjûn ha, Hear,
al dy't skuldich foar ús stiene.

Bûch de folken nei jo wet,
lit jo ryk op ierde komme.
Byn jo wil ús op it hert
en wy sykhelje ferromme.

Lit oer ús gjin neare nacht,
lied ús net yn blyn begearen.
Binne wy yn duvels macht,
Hear, ferlos ús fan 'e kweade.

God fan fier en hein ús Heit,
wûnder heimnis is jo namme,
grut yn krêft en hearlikheid,
oant yn alle tiden. Amen

Oandacht foar de kollekte

sjonge slotliet "Ga maar gerust"

Tekst Sytse de Vries, melodie Evangelische Liedbundel 246. Finlandia

1 Ga maar gerust, want ik zal met je meegaan.
Ik ben je baken, ook in diepe nacht.
Ik ben de stem die steeds in jou zal opstaan.
Ik ben de hand die op je vriendschap wacht.
Ik ben het licht dat voor je voeten uitgaat.
Ik ben de wind waardoor je adem haalt.

2 Ga maar gerust, want ik zal met je meegaan.
Ik ben de zon, waarvoor het donker knielt.
Ik ben de groet, waarmee ook jij kunt opstaan.
Ik ben de hoop, dat zaad diep in je ziel.
Ik ben het lied dat fluistert in de bomen.
Ik ben de dag, die schemert in je droom.

3 Ga maar gerust, want ik zal met je meegaan.
Ik ben de liefde, die een mens je schenkt.
Ik ben de hoogste toon die jij kunt aanslaan.
Ik ben de verte, die verlangend wenkt.
En, kom je thuis, de laatste mist verdwenen,
ben ik de hand, die al je tranen wist

útstjoere en Segen



Van zaterdag 15 januari tot zaterdag 29 januari 2022

doen we weer mee aan Actie Kerkbalans.



**Geef vandaag
voor de kerk
van morgen**



***"Door de kerk besef ik waar het in het
leven om gaat...
daarom geef ik voor mijn kerk"***